



# **DE MAN MEI DE HIPPE HOED**

**(De man met de opvallende hoed)**

**In pittich blijskul yn trije bedriuwen**

**fan**

**HARRY VAN VEEN**

**Fryske bewurking fan**

**Roel Klijnstra**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**  
**(Grimas Theatergrime verkoop)**

**Tel: 072 - 5 11 24 07**

**E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl**

**Website: www.toneeluitgeverijvink.nl**

## **VOORWAARDEN**

Alle amateurverenigingen die het stuk: **DE MAN MEI DE HIPPE HOED - DE MAN MET DE OPVALLENDE HOED** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **HARRY VAN VEEN** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: 2014 © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

**Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **9** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

## **PERSOANEN:**

Lotte - Resepsjoniste fan it rekreaasjepark, dy't trochpakt. Praat nea yn de jo- foarm. Liedt it hiele spul yn goede banen.

Gert Bos - Sloppeling, acht jier troud mei Lys, bot ûnder ynfloed fan mem. Wurket by Projektûntwikkeling Lapré.

Lys - Troud mei Gert, hâldt ek wol fan him. Mar hat har nocht fan syn hâlding nei mem ta. Wol in man foar harsels.

Frou Toets - Widdo, eigeneresse fan it rekreaasjepark. Hat eartiids yn de ferpleging wurke. Praat sadwaande faak yn de wy- foarm. Boppedat hat se in poetsfoby.

Jaques Lapré - Tige slagge projektûntwikkelder. Hat netolle lêst fan syn gewisse. Troud mei Geertrude.

Geertrude Lapré - Rike idealiste. Troud me Jaques. Makket har sterk foar de natuer en it miljeu en adoptearret swerfkatten.

Josefine - Miljeu-aktiviste. Makket gebrûk fan har hobby, berchbeklimme, by har aksjes

Pyt Mulder - Siket in steancaravan foar fakânsje en wykeinen.

Mem Bos - Dominante mem fan Gert. Hat in hekel oan Lys, omdat dy har soan ynpikt hat. Is allergysk foar katten.

## **DEKOR:**

Rekreaasjepark- en campingskantine.

Bûtedoar mei glês, kaai yn it slot.

As 't mooglik is oan beide siden fan de doar in rút.

Doar nei hearetoilet, doar nei damestoilet.

Klok, wêrfan de tiid yn te stellen is.

Bar mei dêr efter in prikboerd.

Doar nei privee mei dêrnjonken in Ijochtsskeakelder.

Kapstok en spegel.

Tillefoan op de bar.

Twa bistro sitsjes. (Twa taffeltsjes mei elk twa stuollen)

## EARSTE BEDRIUW

Dei 1, jûns.

*(Jaques en Geertrude sitte gesellich aan tafel. Se hawwe krekt it iten op en sitte oan de kofje. Lotte hellet de leste boarden op)*

Geertrude: No Jaques, dat hat my treflik smakke.

Jaques: *(Tsjin Lotte)* Hawwe jimme ek klachteformulieren?

Geertude: In ienfâldige mar treflike jachtskûtel.

Jaques: In treflike lokaasje. Wier, in perfekte lokaasje.

Geertude: Hazze..... Ja, it wie hazze, net wier? Jawis, in hazze dy't in goed libben hân hat.

Jaques: En in bûtengewoane omjouwing. Hiel geskikt.

Geertrude: En dy saus. Hiel apart. Hiel apart.

Jaques: *(Tsjin Lotte)* Doch my mar twa klachteformulieren. Of nee, doch fuort mar in stik as tritich.

Geertude: Dy nutemuskaat makket it hielendal ôf. Wier in treflike kar, al sis ik it sels.

Jaques: Grut fan oerflak. Perfekt. Gewoan perfekt.

Geertrude: Sels sa'n ienfâldich kopke kofje hat de krekte melange.

Jaques: In boppeslach. In treffer.

Geertrude: En dat foar in menu fan de dei. De gearstalling kin net better.

Jaques: Moai sintrale lissing, goed berikber.

Lotte: *(Bringt formulieren)* De formulieren, mynear. Ik leau, it binne der mar twa-en-tweintich, mar hoe dan ek, se binne no op. Moarn binne der wol wer nije.

Jauques: Hm..... Fasiliteiten net tarikkend. Dêr moat ik dus ek noch in klacht tsjin yntsjinje.

Geertrude: Wol frjemd, dat se hjir allinne mar dei menu servearje.

Jaques: Fasiliteiten net foldwaande, minne betsjinning, ûnbestindich iten. Hjir moat ik mar efkes rêtich foar sitten gean.

Geertrude: It sil my neidwaan, wat it menu fan moarn bringe sil.

Jaques: Kom, Geertrude, oerein. Der is wurk te dwaan.

Geertude: Jaques Lapré! Salang as myn fakânsje duorret, wurdt der troch myn man net arbeide! Der wurdt yn in minskelibben al genôch tiid ferriemd mei arbeidzjen. *(Tsjin Lotte)* Wat do, jongfaam.

Lotte: It is mar krekt, hoe't jo it besjogge, mefrou. Ik sels mei graach hurd wurkjende sportsynstrukteurs besjen. *(Helpt beide yn de jas)* Mefrou Lapré. Mynhear Lapré.

Geertrude: En noch my kompliminten foar de kok. Sis mar, dat dy

jachtskûtel, dy hazze, treflik smakke.

Lotte: Sil ik dwaan, mefrou.

Geertrude: Oant moarn, myn leave bern.

Lotte: Oant moarn, mynear, mefrou. (*Beide ôf, paraplu mei, it reint noch hieltyd. Radio oan, in jankfodde. Lotte âlet mei. Frou Toets komt op*)

Toets: Lotte, wat hast de radio wer lûd.

Lotte: Wat seist?

Toets: (*set de radio út*) Jo, Lotte. Wat sizze jo.

Lotte: Oh, sis mar do, hear. Dat doch ik ek altyd. En wat ik sei? Ik sei : "Wat seist?" Sjoch, ik koe dy net ferstean omdat de radio sa lûd stie.

Toets: Ik kin der net by, dat myn man silliger dit úthâlde koe.

Lotte: Do krigest noch in komplimint foar dyn itensieden.

Toets: Oh?..... No, wat moai fan harren. Wurdearring foar it wark efter de skermen. It komplimint komt fan mefrou, tink?

Lotte: Ja, net fan mynear. Net te leauwen, sa'n miger as dat is..

Toets: Oh nee, wol..... En dy spatterje altyd ek noch sa..... (*ôf nei de manljustoiletten*)

Lotte: En dochs is der wat nuvers oan dy Lapré. Soe my neat gjin nij dwaan, dat hy der in geheime aginda op nei hâldt. Ik sil him mar goed yn de kikert hâlde.

Toets: (*Komt yn*) Ik ha hiel goed sjoen, mar gjin spetters te sjen. (*ôf nei de frouljus toiletten*).

Lotte: Wist ik wol. Ik hie foardat de foarsitter iepene efkes troch de gerdinien loerd. Mar gjin spetter yn de seal te sjen.

Toets: (*Komt wer yn*) Ek alles skjin.

Lotte: Sy is wol aardich, hear. Se fûn de jachtskûtel sa lekker. Wie it hazze? Oh, dêr komt my yn it sin, dat ik hielendal ferjitten ha om Flekje te fuorjen. (*ôf*)

Toets: Dat is net nedich, Lotte.. Dy rotknyn is der net mear. En dat is ek net slim, hy hat it no grif folle better. En foar ús is it ek better. Wat minder Flekjes, wat better. Oh, se is fuort.

Lotte: (*Komt der oerstjoer wer yn*) Flekje is der net!

Toets: Ja, dat sei ik. It doarke stie wagenwiid iepen. Hast it heakje der grif net goed op dien.

Lotte: Ferskriklik.....Wy moatte har opsykje!

Toets: Leave Lotte, it is tsjuster en it reint. Moarn help ik dy t sykjen. En sa slim is it net, sa'n knyntsje fermakket har poerbêst yn de frije natuer. En do witst hoe't kninen binne. Faaks leit se har no op in lekker waarm plakjenoflik fuort te plantsjen.

Lotte: Nee..... Myn Flekje wurdt oantaast?

Toets : Ei nee ju..... Ik fersin my. Ik woe sizze..... Knyntsjes sliepe. It is ommers nacht.

Lotte: Ja, hallo! Kninen libje nachts. Ik bin net ûnnoazel.

Toets: Nee, fansels net. Mar de kninen yn dit rekreaasjepark, dy binne sa mak, dy libje oerdei.

Lotte: Mar dan is se no hielendal allinne.....

Toets: No efkes de kop der by. Do makkest dy drok, wylst sy no earne lekker droech leit te sliopen. Moarn sykje wy tegearre, goed?

Lotte: Hiel aardich fan dy.

Toets: Fan jo, Lotte, fan jo ..... Och, lit ek mar sitte. (*ôf, efkes letter ek Lotte ôf. Gert en Lys Bos komme yn. Beide skjin oanein. Wiete paraplu's, koffers. Lys op hege hakken, kreupelt*)

Lys: Op bin ik. Ut de liken. Trije kertier ha ik troch dat suterige waar rinne moatten. Ik ha der it mier aan en ik wurd der siik fan.

Gert: Dêr geane wy wer. Do moatst in eintsje rinne, it reint in bytsje en do besjochst it fuort wer fan de negative kant

Lys: In eintsje rinne. Trije kertier! It reint in bytsje.....? Man, it reint al trije dagen oanien wei troch. In bytsje keardel soarget der foar, dat syn frou ûnderdak is. In bytsje Fries soe op syn minst mei in arke oan it bouwen wêze.

Gert: No net oerdriuwe, Lys. It wie gjin trije kertier rinnen. Om krekt te wêzen, it wie twa-en-fjirtich en in heale minút. En elke reinder hat in ein.

Lys: En asto net sa'n ôfgryslike slûgert wiest..... En autoride kinst ek net.

Gert: Dêr ha wy it no al trije kertier oer hân.

Lys: Twa-en-fjirtich en in heale menút. Ik ha noch rjocht op twa-en-in-heale minút.

Gert: Ik kin der ek neat oan dwaan, dat dy kat sa nedich oerstekke moast. It is gewoan bard. Punt. En no sil ik earst mem skilje, dat wy goed oankommen binne. (*Nei de bar, skillet, Lys giet sitten*)

Goeie, Mem. It is mei Gert. No, wy binne der, hear. Wy binne goed oankommen. (*Lys meneuvelt mei, sûnder lûd, "No pas?"*) Ja no pas. Mar it is wol efkes seis-en-fyftich kilometer en fjouwer hûndert meter, Mem. (*Lys sûnder lûd gebeart mei fjouwer fingers: "Do bist al hast fjouwer oeren ûnderweis"*) No, fjouwer oeren..... Heechút trije oeren en acht-en-fjirtich menuten, Mem. Dus dat falt noch in slach ta. (*Lys meneuvelt: "Der is dôchs neat bard?"*) Nee, neat bard, hear mem, hielendal neat te rêden..... No ja, hast neat. (*Lotte komt yn, harket mei*) Nee, neat slims, hear, neat..... No ja, der rûn in kat oer de wei en (*Lys makket in Hatsjoe- gebaar*) .....Sûnens! Fjirder is alles goed..... Wat seit Mem?..... In kat! (*Hastich de hoarn*

*fan't ear ôf* .....Sûnens. Ik ha der ien deariden, ja. Mar dy oare koe noch ik moai ûntwike. (*Lys priizgjen de tomme omheech*) Hoe sa spitich?..... Nee, mem, it wienen gjin ferwyldere katten, it wienen..... Sûnens. Twa dagen moai waar. Teminsten, dy't ik deariden ha net, dat wie in hûskat..... Sûnens..... sa'n Siperse meubel pronkstik, dat der nea út mei..... Mem, ik ha net sein dat dy twadde oer de wei rûn. It fernaamste is, dat der fierder nimmen ferwûne rekke is. No ja, dy siperse rotboarre,..... Sûnens.... Nije foargevel yn it hûs.....En de lease-auto in bytsje total loss..... Nee, Lys net, de Lease auto..... Hoe sa spitich..... Mem, ik moat no wier ophingje, hear. Tûtsje..... Ja, tûtsje..... Hingje jo no mar earst op..... Nee-ee, de tillefoan. Tûtsje..... Ja, ik skilje moarn wer, tûtsje..... Ja, dooch,tûtsje. Hingje no op mem, wurd no ris folwoechsen,..... Tûtsje. (*Docht lûd fan de tillefoan nei*) Tút tút tút..... (*suchtet, leit de hoarn del*)

Lotte: Mannen binne wat de memmen der fan meitsje.

Gert: De famylje Bos, tige nei't sin. Der is foar ús reservearre, as't goed is.

Lotte: Mynear en mefrou Bos, fan herte wolkom op Bungalowpark "Gastfrij Gaasterlân". (*Sjocht yn it boek*) Mem Bos? .....

Gert: Ja, dat is myn mem.

Lotte: Och ja, fansels..... (*Skriuwten harren yn, tillefoan kosten derby, pakt in kaai út it laad, jout dy oan Gert*) Asjeblyft, bungalow tolve is foar jo reservearre. En, lyk as oanfrege, twa aparte ien-persoans bêden.

Lys: Dyn mem.

Lotte: Tillefoan kosten dy hâlde wy by en wurde betelle by't ôfrekkenjen. En de auto kinne jo parkeare..... Oh, nim my net kwea.

Gert: Tsja, in ûngemakje. Lokkich binne der gjin deaden by fallen. No ja, útsein in siperse kat. Sa, dan soe ik no wol sin ha oan in beker waarme Poeiermolke. En do, Lys?

Lys: Kofje. Sterke kofje.

Gert: Juffer, kinne wy ien waarme poeiermolke en in kofje fan jo krije?

Lotte: Meist wol do sizze hear, dat doch ik ek altyd.

Lys: Mei slachrjemme.

Gert: Mei slachrjemme?

Lys: Mei slachrjemme.

Gert: (*Tsjin Lotte*) Kofje mei slachrjemme.

Lys: (*Tsjin Gert*) Nee, doch mar sûnder slachrjemme.

Gert: Sûnder slachrjemme?

Lys: Sûnder slachrjemme.

Gert: (*Tsjin Lotte*) Doch de kofje dôchs mar sûnder slachrjemme.

Lotte: Kofje sûnder slachrjemme.

Lys: (*Tsjin Gert*) Nee, doch dôchs mar mei. Dat is wol sa lekker. Mar no't ik der nochris oer neitink, doch mar in advokaatsje mei slachrjemme.

Gert: Lys, soest' dat no wol dwaan? Do witst, hoe't ik oer alkohol tink.

Lys: Skat, ik gean net mei dy yn diskusje.

Gert: Advokaatsjes mei slachrjemme, do dyn sin. (*Tsjin Lotte*) Yn stee fan kofje mei slachrjemme, in advokaatsje mei slachrjemme.

Lotte: Ha ik net.

Gert: Hawwe jo net? (*Lotte skodhollet. Gert tsjin Lys*) Hawwe se net.

Lys: Hawwe se net?

Lotte: (*Tsjin Lys*) Mefrou, wy meie gjin alkohol taapje. En Aafke is noch net berne.

Lys: Aafke?

Lotte: Advokaatsje Alkohol Frij.

Lys: Soa, ja. Dan dôchs mar in kopke kofje.

Lotte: Kopke kofje mei of sûnder slachrjemme.

Lys: Graach. Dat ik dit no wer treffe moat. In ferplichte fakânsje yn de rein. Yn it ien of oare gat, mei myn eigen man, Of wat dêr foar troch gean moat.

Gert: Lys, no moatst it wier ris fan de positive kant besjen.

Lys: Lit my net laitsje . Hokker kant mei dat dan wol wêze?

Gert: No.... eh..... Bygelyks: It is hjir om'e noct. No.....? No.....? Ha ha, ik ken dy, no sjochst der al fleuriger út.

Lys: Goed, best, Ik sil it der mei dwaan moatte.

Gert: En sa slim is it ek wer net. In lang wykein sûnder mem. Oanbean troch mem, omdatsto krekt acht jier mei har soan trouw bist. Acht jier Lys. Al acht jier.

Lys: Ja hear. Do witst ek fuortdaliks it bytsje wille dat ik hie, te ferbaljen.

Gert: Do dochst krekt, as soe it allinne foar dy sa slim wêze. Tink ek ris oan mem. It falt foar har ek net ta om har leafste soan diele te moatten mei in oare vrou.

Lys: Leafste soan..... Wat oars, do bist ommers iennichst bern.

Gert: Goed besjoen, ha ik twa froulju. Mem en do. It is dus in kwestje fan nimme en jaan.

Lys: Do joust en dyn mem nimt. Tatebern.

Gert: Do kinst it net fele, hin? Hi, hi, hi.

Lys: Ha, ha, ha.

Lotte: (*Sjongt*) Stond er bij en ik keek er naar.

Gert: Wat fine jo hjir fan, juffer. Mei al dat folk oer de flier, moatte jo

aardich doel oer minsken hawwe.

Lotte: Ikke?..... Do hiest it tsjin my?

Gert: Ja. Myn vrou soe einliks wat mear begryp foar de sitewaasjes ha moatte. Net wier?

Lotte: Dêr lit ik my net mei yn. Dat is in saak tusken jimme. Mar ik wit wol, dat as ik wat fan 'e menukaart bestel, dan ferwachtsje ik, dat ik krije wat my tasein is. En dan soe ik der net acht jier op wachtsje wolle.

Gert: (*Hat it net troch*) Nee, ik ek net. Dan helle ik wol wat fan Jan Patat.

Lys: Krekt. En dat doch ik no ek. Of it menu soe no daliks noch levele wurde moatte.

Gert: Hasto dan iten besteld?

Lys: Acht jier fan myn libben trouw mei in albedil fan in mem. Mei in soan. In skeet fan in man, mar mei de harsens fan in stienkrobbe.

Gert: Hjir ha ik wol oan.

Lys: Leave Gert. Dyn mem.....lit dy net los. Dêrom moatsto har loslitte. Want ik hâld dit net mear út. Se narret my gewoan de doar út.

Gert: Ús mem?..... Dy narje? Hoe kinst dat no sizze, Lys. Krekt no't se ús dit prachtige wykein oanbean hat.

Lys: Juffer, hâlde jo ek by, hoeneart de hûskes hjir reservearre wurde? Bygelyks bungalow tolve?

Lotte: Ja. Mar dat hoech ik net nei te sjen. Dat wit ik noch as de dei fan juster.

Gert: Oh?

Lotte: Dat wie juster.

Lys: Sjochste? Se hat earst nei it waarberjocht harke en doe dizze bungalow regele.

Gert: Dêr gean wy wer. Dat ivige erchtinkende gedoch oer in presintsje. Om'e nocht, witst noch wol?

Lys: Ik jou it oer. Goed mynear Optein. Ik sil dyn mem moarn betankje foar har prachtige kado. En ik helje tenei it iten by Jan Patat, hear Gerry.

Gert: Lysbet, do witst dôchs dat ik der it mier oan ha, datst my sa neamst. It Gerry- tiidrek leit efter ús. It is Gert, Gert, en nochris: Gert!

Lys: Gert-ferderje.

Gert: Ik gean hjir net op yn. Ik stean hjir boppe. Mar no moatst my ûntskuldigje. Want mem ropt. Mem Natuer, há. (*Of nei it manljus toilet*)

Lotte: (*Wylst Lys nei de tillefoan giet*) Asjebleaft. Ien waarme

poeiermolke mei slachrjemme foar mynear. En ien treasteleas bakje sûnder slachrjemme foar mefrou.

Lys: (*Praat hastich yn de tillefoan*) Ja, hoi, Doryn. Mei my. Ik ha net folle tiid, dus harkje goed. Do witst fan dat ûnnoazele wykeintsje. Dat wykeintsje, dat wy sa hommels fan Gert syn mem krigen hawwe. Mar no sit ik yn de lytse loege en do bist de iennige dy't my helpe kin. Do witst dôchs, dat ik in bytsje mear wille yn myn libben woe? No, hâld dy fêst. Ik bin sa dryst west om te reagearjen op sa'n do-witst-wol advertinsje..... Oh, do witst it net?..... Ik ha anonym in ôfspraakje. Mei immen, dy't ik oars net kin as fan in stik as tweintich ôfkoartingen. Ik soe oer..... (*sjocht op it horloazje*) in minút as fiif earne wêze, dêr't ik ûnmooglik wêze kin..... Hielendal net moai sa. Do bist myn bêste freondinne, net myn man. Dêr ha ik no efkes mear as genôch fan. Nee, hy wit net hoe't ik der út sjoch. En ik wit ek net hoe't hy der út sjocht. It is fan beide kanten folslein anonym. Hy soe oan in taffeltsje sitte, op it terras, dêr't wy tegearre ek altyd sitte. Krekt, dêr by dy op de hoeke. Kinst der efkes hinne gean en him trochstjoere nei de kantine hjir? Ja, op it terras. En freegje him dan om moarn hjir hinne te kommen. Hjoed wurdt it dôchs neat mear. Nee, tutte, net freegje nei mefrou Bos. Lit him wat opfallends drage, dat ik sjoch dat hy it is. Nee, in anjer yn it knoopsgat of in krante ûnder de earm is sa ôfwaaid. Ik moat der net oan tinke, dat ik de ferkearde man foar ha. (*Lotte hat de radio oanset, frijwat lûd*)

Radio: .....Wist te ûntkommen. Hy hie in frijwat opfallende helblauwe hoed op. Mocht it sa wêze, dat jo de man .....( *Lotte klikt de radio op in oare stjoerder. Lûde popmuzyk , Lotte giet oan it wurk*)

Lys: Hallo, mei dy radio út? (*Lotte liket neat te hearren*) Halloooo! De radio út! (*makket gebaren fan: "Radio-út-bin-oan-'t skiljen*)

Lotte: (*Docht de radio út*) Nim my net kwea ôf, mefrou. Ik hie net yn'e rekken datst oan It skiljen wiest.

Lys: (*Yn de tillefoan*) Wêr wie ik ek al wer?..... O ja. Der komt my wat yn it sin. Lit him wat opfallends drage, bygelyks in hiele hippe hoed. Kin ik dêroan sjen, dat hy it is.

Lotte: Wy ek. (*Op de eftergrûn spielt toilet troch*)

Lys: Ja, krekt. Dan meitsje ik wol kontakt. Kwestje fan kreatyf wêze. (*Gert komt der yn, Lys sjocht dat*) .....Ja, kreatyf, *Mem*, in hiel moai kado, hear *Mem*. Dêr woe ik jo noch foar betankje. Ja hear, *Mem*. Gert is werom, de kofje wurdt kåld *Mem*. Nochris betanke, *Mem*, ik hingje op hear *Mem*.

Gert: Tûtsje fan Gert!

Lys: (*Hinget op*) Ja, dooch. (*Drinkt de kofje op, Lotte notearret de tillefoan kosten*) Dat wie Mem. Ik sei krekt tsjin har, datsto hjir sa kreatyf bist. Foar alle swierrichheden witsto in oplossing. En ik ha mem noch efkes betanke.

Gert: No stean ik wat út. Ik miende, dat it dy altyd sa tsjin stie om mem te sizzen tsjin mem.

Lys: Earlik sein die ik it ek mear foar dy as foar mem.

Gert: Dat is krekt, wat ik sa yn dy wurdearje. Datst altyd sa rjocht út bist.

Lys: Einliks bist wol in bêste fint. Mar do moatst dy no einliks ris los meitsje fan mem.

Gert: Do hast gelyk. Mar dat falt net ta. Se is myn hiele libben al myn mem, witst wol?

Lys: Woe se no mar ris ferhúzje. Faaks soe dat helpe. Se wennet mar in pear hûndert meter by ús wei.

Gert: Docht se noait. Wêrom soe se ek. Se wennet dêr no al tritich jier Se hat dêr alles: Winkels, har kaart klupke, alles. Oars moatte wy mar ferhúzje.

Lys: Wy wenje goedkeap, in djoerder hûs mei ús net barre. En wy wenje moai ticht by dyn wurk. Dat is wol sa feilich foar it oare ferkear.

Gert: Ik soe einliks ris om opslach freegje moatte.

Lys: Dat sil tiid wurde. Do hast like faak opslach kriegen, as dat ik dy Lapré, dy baas fan dy ea sjoen ha.

Gert: Der stiet hjir in steancaravan te keap. As ik dy keapje, kinne wy hjir elts wykein hinne.

Lys: Dat soe flechtsjen wêze ynsteefan de problemen oanpakke. Mar sa't it no giet, dat hâld ik net langer fol. Do silst kieze moat tusken my en dyn mem

Gert: Dan is it dus in probleem tusken dy en ús mem.

Lys: Leave jonge, sjoch dôchs ris yn de spegel.

Gert: Sit myn hier net goed?..... Grapke. Ik snap it wol, hear. Tink ik.

Lys: Ik jou it oer. Kom, wy geane nei de bungalow.

Gert: Ja, kinne wy moai in spultsje kaarte.

Lys: Peste of sa.

Gert: Wy kinne ek kwartette.

Lys: Mei ús beiden? Goed dan. Ien spultsje. Ik mei beginne. (*Paraplu's, de rein is te hearren*) Suterich waar. No, dooch. (*Beide ôf*)

Lotte: Gesellige jûn. (*Rommet de boel op. Toets op út privee*)

Toets: Hawwe hjir wer fakânsjegongers sitten te drinken. Sjoch no

ris, wat in binde. Dêr wurd ik no sa wurch fan, hin. (*Fanatyk mei de flier oan it himmeljen*) It is, dat myn âlders my dit park neilitten hawwe, oars wie ik der noait oan begûn. (*Folget de spoaren nei de tillefoan*) Hè nee, net de tillefoan, dôchs.....Se spatterje altyd sa yn de hoarn. (*Gysten mei de hoarn oan it poetsen*) Huh?..... (*Harket*) Ja?..... Pardon, juffer Jansma. It is mei rekreaasjepark Gastfrij Gaasterlân. Ik ha by fersin de herhaal toets yndrukt. Myn ekskús.

Lotte: (*yn de bûtedoar*) Flekje!..... Flekje!

Toets: Ja, juffer Jansma, sizze jo it mar. In boadskip fan Doryn Jansma oan Lys Bos. Ja? (*Pakt skriuwark*)

Lotte: Flekje!..... Wêr sitst dôchs?

Toets: Sis it mar..... Jo binne krekt werom. Jo hawwe troch in blind date in fantastyske man troffen op it terras..... Jimme binne op slach fereale op elkoar wurden..... No, dat is dôchs hartstikke moai, juffer Jansma. Dat is op it lêst de bedoeling fan sa'n blind date, net wier?..... It wie net alhiel de bedoeling?..... Ik begryp it net hielendal, mar ik sil it sa goed mooglik oerbringe..... Mefrou Bos, seine jo?..... Fan Doryn Jansma..... Binne jo faaks famylje fan Klaas?..... Klaas Jansma..... Gjin famylje. No nee, mar jo prate krekt sa rap. Goejûn, juffer Jansma.

Lotte: (*Doar ticht, giet oan it taffeltsje sitten mei de rêch nei de doar*) Earme Flekje..

Toets: (*Hellet in kopke kofje foar Lotte*) Bliuw do no mar efkes lekker sitten. Oh.....sjoch no, der is wer ien nei't toilet west. It hearetoilet noch wol! (*Of yn it manljus toilet. Der komt in man yn mei in helblauwe hoed op syn holle. berchbeklimmerstou om de skouders. Reade fervespatten op de klean, koffer by him. It is Josefine, ferklaaid as man. Bliuwt efter Lotte stean, praat me swier lûd*)

Josefine: O, o, wat is it moai waar.

Lotte: (*Giet efter de bar*) Grif in kursus posityf tinken folge. Wol mynear faaks wat dr..... Oh, in helblauwe hippe hoed..

Josefine: Ja..... En?

Lotte: Moaie hoed. Stiet dy goed.

Josefine: No, toe dan mar. Feitlik hie it wêze moatten: "O, o. Wat hawwe jo in moaie helblauwe hoed". Mar ik rekkenje it goed. Binne jo kjel wurden?

Lotte: Ik hie mynear hjir moarn pas ferwachte.

Josefine: Ja, einliks bin ik in dei te gau. In hastich bakje kofje dan mar. En dan de transaksje. Hjir of earne oars?

Lotte: Krij no wat. Wa tinkt mynear wol net, dat ik bin? Dit is Yab Yum net. Ik bin gjin knyn.....Sorry, Flekje.

Josefine: Binne jo dan net.....

Lotte: Nee, ik bin net dejinge, dêr't mynear moarn in ôfspraak mei hat.

Josefine: Ja mar..... Jo ferwachten my en ik ferwachte immen dy't ik net kin. En jo joegen it krekte wachtwurd.

Lotte: No moatsto ris goed harkje. Ik wit fan gjin wachtwurd. En mynear wit net fan wachtsjen.

Josefine: Ik soe sizze: O, o, wat in moai waar. En dejinge dy't ik treffe moast soe sizze: O, o, wat ha jo in moaie helblauwe hoed op. Sa soe it gean. En jo seine sokssawat.

Lotte: Wat in bernige fertoaning. Hoe dan ek, mynear hat gjin ôfspraak mei my. Mar ik wit wol, foar wa't mynear al komt. Dat ha ik ôfharke.

Josefine: En dat wit fierder nimmen?

Lotte: Nee. Faaks is it net sa't it heart, om stikem mei t harkjen.

Mar wat mynear docht is ek net yn de heak.

Josefine: Net yn de heak, net yn de heak..... Okay, faaks is it net yn de heak. Mar op dizze wize wurket it wol. Guon minsken feroardiele wat ik doch. En wer oaren fine it prima. It is in kwestje fan prinsipes.

Lotte: O, as we gjin ferlechjes mear betinke kinne, giet it ynienen om prinsipes.

Josefine: Tafallich ha ik myn prinsipes. En dêr komt noch by, dat ik der ek noch foar betelle krij.

Lotte: Soa....?

Josefine: Sa bringt myn hobby ek noch jild yn it laadsje. En ik doch it ek noch reedlik feilich.

Lotte: Feilich.....It soe wat.

Josefine: Ik fersekerje my sels goed .

Lotte: En ik fersekerje jo, dat der mar in hiel lyts kânske is,dat jo dy persoan hjoed noch treffe. Sa. Feiliger kin net.

Josefine: Moai is dat. Ik sil dôchs plak foar de nacht ha moatte. Hawwe jo noch wat yn de ferhier?

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via  
[www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en  
toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.



[info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)



072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**